



# Tiid foar rjochtfeardigens

## SP Fryslân, Ferkieziingsprogramma 2019 – 2023

### Ynlieding

Minsklike waardichheid, lykweardigens en solidariteit. Dat wiene, binne en bliuwe de útgongspunten fan ús partij. It liket hjoed-de-dei hast gewoan dat we inoar bestride ynstee fan goed mei-inoar te ferkearen en mei-inoar te wurkjen oan in maatskippij dêr't elkenien meidwaan kin en kânsen kriget. It kapitalisme en neoliberalisme hawwe der foar derfoar soarge dat wy yn in krisis telâne kamen. En it binne it kapitalisme en neoliberalisme dy't derfoar soargje dat we hieltyd djipper sakje, as yn driuwsân. Wy wolle in provinsje mei in sosjaal gesicht wêze, in provinsje dêr't it giet om de minsken dy't der wenje.

It kabinet ropt lûd dat it folle better giet mei Nederlân. It CBS publisearret oer it tanimmen fan it tal miljonêrs. De ekonomy lûkt oan. Mar wat ek tanimt is de twadieling, de kleau tusken earm en ryk. Ynkommensferskillen nimme ta. Soarch, studearjen en wenjen wurde foar in soad minsken ûnbetelber. Sosjale wissichheid nimt ôf, fersoargingshuzen geane ticht, der is minder thússoarch en âlderein wurde ôfhinklik fan mantelsoarch. De wachtlisten yn de jongereinsoarch wurde hieltyd langer. Ferpleechkundigen, húsdokters, plysjes, jongereinhelpeferlieners, learkrêften, bussjauffeurs en oare groepen hiene gjin oare kar as aksjefiere, omdat it wetter har oan de lippen ta stie.

Mar foar wa is de oerheid der? Foar grutte bedriuwen? Foar oare oerheden? Of is dy der foar de minsken?

Fansels kiest de SP foar dat lêste. Yn de provinsje, dy't "fierder fan de minsken ôfstiet," moatte de minsken dêr't it om giet foarop stean. We wolle elkenien belûke by de plannen dêr't de provinsje in rol yn spilet. Omwenners in stim jaan. We wolle dat de provinsje har (him) ynset foar goed en betelber wenjen. We wolle dat soarch foar elkenien berikber en betelber bliuwt. Gjin taak fan de provinsje? Dat mei nea in reden wêze om te sizzen: "Dan dogge we dat mar net." Oerheden moatte krekt gearwurkje om mei maatskiplike opjeften om te gean. Dwaan wêr't de ynwenners fan Fryslân ferlet fan hawwe, dát wolle we berikke.

De Nuonjilden, dêr't de provinsje de ôfrûne sittingsperioade flink mei ynvestearre hat, reitsje stadichoan op. Dat hat ynfloed op de begrutting en op it tal minsken dat by de provinsje wurket. Neffens de SP moatte grutte maatskiplike opjeften, lykas enerzjytransysje, omskeakeling fan de lânbou, sirkulêre ekonomy (û.o. wergebrûk grûnstoffen, mar ek ferantwurde ûndernimme) en leefberens, foar lange tiid yn de begrutting komme. De ekonomyske ûntjouwing fan Fryslân moat dêrby yn it teken stean fan dy doelen.

De ôfrûne perioade hat de SP diel útmakke fan it kolleezje fan Deputearre Steaten, tegearre mei CDA, FNP en VVD.

Foarôfgeand oan it meidwaan oan dizze koälysje hawwe we de mienskiplike ôfspraken, it koälysje-akkoart, foarlein oan de leden fan de SP. Foar har wiene benammen de keunstlessen, sprieding fan soarchfoarsjenningen, soarchbelang, duorsume lânbou, feangreidebehâld, feilige diken en gjin nije gasboarringen fan belang.

Dêrneist binne der ek noch ôfspraken makke oer duorsumens, sosjale hierwenten, mear ynset op MKB en mear fytspaden. Fierder wiene it greidefûgellektoraat, it Iepen Mienskipfûns en it Kânsefûns wichtige ûnderdielen.

Us Deputearre hie miljeu, duorsumens, soarch en sport yn syn portefúlje: grien en sosjaal.

We hearre faak sizzen dat de provinsje gjin ynfloed hat op it regear. Neat is minder wier! As SP-fraksje hawwe we yntinsyf kontakt mei ús Twadde Keamerleden, dy't we fertelle wat der spilet yn ús provinsje. Deputearren hawwe geregeld oerlis mei ministearjes. Ien fan de earste taken as steatelid is it kiezen fan de Earste Keamer! It is wichtiger dan ea dat we in soad SP'ers yn de Earste Keamer krije. Hja hawwe frijwat ynfloed op de plannen fan it kabinet.

We kieze mei ús ferkiezingsprogramma by guon ûnderwerpen bewust foar haadlinen, omdat de útwurking pas jûn wurde kin nei oerlis mei de omjouwing, de ynwenners, de minsken dy't it oanbelanget. We wolle nammentlik net oer de minsken beslute, mar krekt *mei* harren. Dit jildt ek foar ûnderwerpen dêr't we gearwurkje mei gemeenten, regio's of oare partners.

## Maatskippij en Soarch

In resint ûndersyk fan de trije Noardlike Sosjaal Planburo's<sup>1</sup> lit sjen dat de Friezen ús provinsje gaadlik fine om yn te wenjen en te wurkjen. Opfallend ferskil mei ús buorlju is dat Friezen harsels mear ferantwurdlik fiele foar harren wen- en wurkomjouwing. It hjoeddeiske kolleezje hat it leechdrompelige Iepen Mienskipfûns (IMF) foar lytsskalige inisjativen ynsteld. Sjoen de positive rol dy't dat fûns spilet wol de SP dêrmei trochgean.

Foarsjenningen steane ûnder druk. In skoalle dy't ferdwynt of in winkel dy't slút, gjin húsdokter mear tichteby of in bus dy't net of net sa faak mear rydt – soksoarte dingen hawwe grutte ynfloed op de leefberens. It binne swierrichheden dy't ynearsten troch gemeenten oanpakt wurde moatte. Neffens de SP kin de provinsje dêr lykwols ek in rol yn spylje. Dat kin bygelyks troch subsidzjes te ferlienen of op oare wizen te stypjen; tink oan kennisdieling, lobby of begelieding.

<sup>1</sup> <https://www.friessociaalplanbureau.nl/publicatie/leefbaarheid-groningen-frysl%C3%A2n-en-drenthe>

De provinsje is net ferantwurdlik foar de soarchfoarsjenningen yn Fryslân, mar de SP fielt har wol belutsen. Fanwegen kwaliteitseasken en soarchkosten stiet de sikehûssoarch ûnder druk. De SP stelt gearwurking boppe konkurrinsje en merkwerking. Foar de SP is it wichtich dat ynwenners belutsen wurde by de sprieding fan de soarchfoarsjenningen yn Fryslân. Yn 'e mande mei de belutsen partijen wurkje we oan it berikber meitsjen fan soarchfoarsjenningen foar elkenien. Dêrby stypje we noch hieltyd fan herte it inisjatyf "Nationaal Zorgfonds."

**Resultaten oant no ta: De SP hat har ynsetten foar goede berikbere soarch, mei ynspraak fan bewenners. De knypunten yn de berikberens fan de soarch hat de provinsje oppakt, ûnder oaren mei in kampanje om húsdokters te sykjen, mar ek troch it ynstellen fan in transysjefûns wêrtroch húsdokters harren praktyk takomstbestindich meitsje kinne. Fan it IMF út binne inisjativen fan ûnderop finansiere en fan it Netwurk Duorsume Doarpen út binne mienskippen oan 'e slach gien.**

## Jongereinsoarch

Hieltyd faker hearre we dat bern yn Nederlân ta de lokkichste bern yn de wrâld hearre. Nederlânske bern fiele har sûn, hawwe in posityf selsbyld en hawwe genôch tiid en mooglikheden foar ûntspanning. It ûnderwiis yn Nederlân is ien mei fan de bêste yn de wrâld. Mar ek yn Fryslân libje in soad bern yn langduorjende earmoede, neffens in ûndersyk fan it Frysk Sosjaal Planburo<sup>2</sup>. Yn 2015 is de ferantwurdlikens foar de jongereinsoarch fan de provinsje oergien nei de gemeenten. De swierrichheden fan de desintralisaasje binne by de gemeenten en jongereinsoarchwurkers oer it stek goaid. Lanlik fjochtet de SP foar bettere jongereinsoarch, wêrby't it rjocht op soarch en it ferminderjen fan de ferskillen tusken gemeenten op it mêd fan jongereinsoarchbelied de wichtichste punten binne. We sjogge ek neidielige gefolgen fan merkwerking yn de jongereinsoarch. Fan minsklike weardichheid út kinne we as provinsje net ús eagen slute as it giet om it wolwêzen fan "ús" bern.

**Resultaat oant no ta: Fan it Kansefûns út is de organisaasje "kindpakket" ûnderstipe. Tegearre mei de Fryske gemeenten binne sport- en kultueraktiviteiten beskikber steld foar bern dy't yn earmoede libje. De fraksje hat har hjir tegearre mei helpferlieners en jongereinsoarchynstânsjes sterk foar makke.**

## Fryske taal en kultuer

De SP fynt it wichtich dat de Fryske taal in libbene taal bliuwt en dat de Fryske kultuer stimulearre wurdt. De SP wol it brûken fan it Frysk op allerhanne mêden befoarderje. Omrop Fryslân, de Afûk en de Fryske Akademy spylje dêr ek in wichtige rol yn, lykas it twa- en trijetalich ûnderwiis. De SP fynt dat de provinsje ek op dat mêd finansjele stipe jaan moat.

Keunst- en kultuerûnderwiis bûten de skoaloeren om binne yn de ôfrûne jierren yn heech tempo fuortbesunige troch gemeenten. Der wurdt net folle mear fasilitearre en finansierre troch gemeenten. It oanbod is hiel bot ferskrake, dus yn it generaal binne kultuerlessen net mear foar

---

<sup>2</sup> <https://www.friessociaalplanbureau.nl/publicatie/armoede-frysl%C3%A2n>

elkenien berikber en betelber. Ek foar dosinten is it hast net mear mooglik om in behoarlik bestean te heljen út it útoefenjen fan harren fak.

De SP soe it muzykûnderwiis graach regele sjen mei alle gemeenten yn 'e mande mei de provinsje. In soarte fan Marrekrite<sup>3</sup>, mar dan foar keunst, (pop)muzyk, dûns, ensfh. Sadat learlingen yn harren frije tiid wer les krije kinne fan in fakdosint, dy't dêr in goed stik brea mei fertsjinje kin. Sûnder basis gjin top. Om dat berikke te kinnen is it yn it foarste plak needsaaklik dat amateurkeunst stimulearre wurdt.

Yn 2018 is in soad bard. Us provinsje hie in soad eveneminten, festivals, iepenloftspullen, muzykútfieringen, tentoanstellingen, ferhalen en neam mar op. Dit mei net foar ien kear in oplibbing wêze fan in sektor dêr't sa swier op besunige is en wurdt. Meitsje jild frij om inisjativen út 2018, lykas "ûnder de toer," "sirkus Adje" of "CityProms" in ferfolch te jaan (de saneamde Legacy). Dêr't fan ûnderop de moaiste dingen ûntstien binne mei fan boppenôf dochs gjin rem op setten wurde?

**Resultaat oant no ta: Werikering kulturele basisynfrastruktuer, sadat subsydzejild earliker omparte wurdt. Senario 3 is útwurke wat it kultuerûnderwiis oanbelanget (trochgeande learlinen muzykûnderwiis, binnen en bûten de skoaleroeren).**

## Omjouingsfisy

De nije omjouingswet set yn 2021 útein. Yn dat ramt ûntwikkelet de provinsje no al in omjouingsfisy. Dy hat betrekking op al it belied op it mêd fan de fysike leefomjouwing. Tink hjirby oan ferkear en ferfier, wetter, miljeu, natuer, gebrûk fan natuerlike helpboarnen, lânbou, kultureel erfgoed en sûnens. It is dus in soarte fan paraplu wêrûnder alle hjoeddeiske regeljouwing op dit mêd bondele wurdt. It hat dus gefolgen foar ferskate beliedsmêden. De SP stribbet dêrby nei in griene, sirkulêre ekonomy wêryn't gjin enerzjy, grûn- en helpstoffen fergriemd wurde.

Yn de âlde sitewaasje waard it belied troch de provinsje bepaald, oare inisjativen krigen kwealik in kâns ("nee, of it moat wêze dat..."). Under de nije omjouingswet wurde inisjativen "fan ûnderop" bepalend, de provinsje ferlient hjiroan yn prinsipe meiwurking ("ja, op betingst dat..."). De provinsje ûnderstipet, begeliedt en stimulearret sawol gemeentlike as partikuliere inisjativen. Dizze wurkwize wurdt troch de SP fan herte stipe. Oan 'e oare kant sille we ek sjen moatte fan hokfoar regeljouwing ferlet is om Fryslân feilich, moai en skjin te hâlden. Oan 'e iene kant om ûnwinske ûntjouwingen, lykas de oanlis fan sinneparken troch ûntwikkelaars dêr't allinne finansjeel gewin foarop stiet, tefoaren komme te kinnen. Oan 'e oare kant om bygelyks konkurrinsje tusken gemeenten oer wenningbou of bedriuweterreinen tsjin te gean.

## Wenjen en leefomjouwing

De gemeente is yn earste ynstânsje ferantwurdlik foar de wenningbou. De SP wol dat de provinsje hjiryn in koördinearjende rol oppakt. By de wenningbou leit de SP prioriteit by de bou fan duorsume sosjale hierwenningen en keapwenningen foar starters. Ek ferduorsuming fan de besteande bou wol de SP befoarderje. Der moat boud wurde foar minsken yn alle ynkommensgroepen. Fierder pleitet de

<sup>3</sup> <https://www.marrekrite.frl/>

SP foar mjuksle wiken, sawol wat ynkommen, oplieding as eftergrûn oanbelanget. Mei each op de delgong fan de befolking kinne tydlike wenten (rap bybouwe, as romte frijkomt wer ôfbrekke en earne oars wer opbouwe) in rol spylje.

Alde(re) bedriuweterreinen moatte opknapt, ferduorsume en ûnderholden wurde. De SP wol gjin oanlis fan nije bedriuweterreinen salang't der op âldere terreinen romte is. Dêrom moat it tawizen fan gebieten foar de ûntwikkeling fan dizze terreinen ek net oerhevele wurde nei de gemeenten, mar by de provinsje bliuwe. Konkurrinsje tusken gemeenten wurdt sa tsjingien en dêrmei ek leechstân, ferpaupering en lânskipsfersmoarging.

Foar de enerzjytransysje binne wyn- en sinne-enerzjy hurd nedich. De SP hechtet grutte wearde oan it karakteristike Fryske lânskip. De SP is har lykwols ek bewust fan de needsaak fan de enerzjytransysje. Dêrfoar kin it needsaaklik wêze om grutte wynparken oan te lizzen. Dêrneist is de SP grut foarstanner fan inisjativen fan ûnderop lykas de doarpsmûne fan Reduzum en lytse wynmûnen by (boere)bedriuwen.

It foar de fûst wei oanlizzen fan sinneparken kin it lanlike karakter oantaaste. Dêrom moatte sinneparken goed romtlik ynpast wurde en moat by de oanlis in goede ôfwaging makke wurde yn ferliking mei natuer en goeie lânbougrûn. Enerzjyopwekking tegearre mei lânbou soe hjir in oplossing wêze kinne.

It wichtichste is lykwols dat it bouwen fan grutte wyn- en sinneparken begjint by de omwenners. Hja binne de wichtichste belanghawwenden wat de SP oanbelanget. Sizzenskip en meidiele yn de opbringst (yndividueel en kollektyf) binne liedend. Minsken sizze net samar 'nee' tsjin datsoarte inisjativen, mar benammen omdat it harren oplein wurdt. Yn dit ferbân fynt de SP dat de mooglikheden om partisipearje te kinnen útwreiden wurde moatte.

Noch hieltyd binne der soargen rûnom de ôffaloven (REC) fan Omrin yn Harns. De SP fynt it wichtich dat de omjouwing goed ynformearre wurdt by steuringen en dat der betrouwen is yn de ôffaloven. Omrin, mei as oandielhâlders de gemeenten, hat hjiryn in grutte ferantwurdlikheid rjochting Harns. It ûndersyk dat de gemeente Harns útfiere lit nei sluting fan de ôffaloven folget de SP op de foet.

**Resultaat oant no ta: Oansluting by de staasjeildalliansje. In deal mei wenningkoöporaasjes om ferseld harren besit ferduorsumje te kinnen. Finansjele stipe jûn oan it Netwurk Duorsume Doarpen (142 duorsume doarpen yn Fryslân). De buertmûne fan Hjerbeam is finansierd út it Fûns Skjinne Fryske Enerzjy.**

## **Natuer en lânbou**

Fryslân hat ferskate lânskippen dy't allegear harren eigen kwaliteit hawwe; tink bygelyks oan it iepen klaaigebiet yn It Bilt, it lânskip mei houtwâlen yn de Fryske Wâlden of de bosken op de súdeastlike sângrûnen. De SP hechtet wearde oan dit ferskaat. Lânbou en feehâlderij mei net op kosten gean fan miljeu, natuer en bistewolwêzen. De SP stribbet dêrom nei in sitewaasje dat lânbou en natuer mei inoar ferweve binne. Fansels passe yn dizze fisjy gjin megastâlen of oare grutskalichheid, lykas yndustriële dongfergisters yn it bûtengebiet.

Om it bioferskaat te fergrutsjen is yn de lânbou in echte omslach nedich: fan grutskalige lânbou nei oan de grûn bûne, natuerynklyskive – by foarkar biologyske – lânbou. De greiden fol mei Ingelsk raaigers jouwe gjin romte oan blommen en krûden. Tegearre mei de lege wetterstannen puttet dit de boaiem út. Der wurdt mear gers produsearre dan wêr't de feehâlderijen ferlet fan hawwe en it bioferskaat wurdt lytser, tink bygelyks oan de efterútgong fan de ynsekten. De SP fynt dat de boaiem net útputten wurde moat, sadat ek neikommende generaasjes de grûn noch brûke kinne. Dêrom moatte we ek ynsette op mear gerslân mei in grut ferskaat oan krûden en heger grûnwetterpeil. Dit hegere grûnwetterpeil moat as earste realisearre wurde yn it feangreidegebiet. Troch de hjoeddeiske lege wetterstannen klinkt de feanboaiem fluch yn en dêrmei wurdt ek in grutte poarsje CO2 útstjitten. Dit pakke we tegearre mei de boeren oan. Dêrmei wurde tagelyk stappen setten om de greidefûgelproblematyk oan te pakken.

It is needsaaklik om de macht fan grutte bedriuwen lykas suvelprodusinten en taleveransiers tsjin te gean. Hja hawwe tefolle ynfloed op de bedriuwsfiering fan (grutte) boerebedriuwen. Lokale koöporaasjes fan bou- en molkfeebedriuwen kinne lokale keatlings foarmje fan produksje en ôfset.

It Waadgebiet is in kostber en unyk natuergebiet. De SP set har yn foar behâld en beskerming fan dit gebiet en is tsjin mynbou, lykas de winning fan sâlt, gas en oalje ûnder de Waadsee. We wolle yn Fryslân ek gjin rekreative jacht op bisten. Plestik en swerfôffal hearre net thús yn de natuer, dit moat yn gearwurking mei de natuerorganisaasjes tefoaren kaam en bestriden wurde.

Fryslân is en bliuwt in Fair Trade provinsje. Earlike hannel, in goede priis en takomstperspektyf binne net allinnich wichtich foar produkten dy't fan fier komme, lykas bananen, mar ek foar wat hjir produsearre wurdt.

**Resultaat oant no ta: Finansjele stipe ûndersyk Teunis Piersma (greidefûgels). €3 miljoen ekstra foar duorsume lânbou. Omslach yn fisy op lânbou: fokus op sirkulêr, biologysk. Nei Utrecht twadde Fair Trade provinsje fan Nederlân.**

## Klimaat

Yn Parys is ôfpraten dat de opwaarming fan de ierde yn 2050 net mear is as twa graden. De lêste ûndersiken litte sjen dat we stribje moatte nei net mear as oardel grad opwaarming. Dit hat grutte gefolgen foar hoe't we omgean mei hoe't we wenje, ús ferfiere en libje. De útkomst fan Parys wurdt op 't heden ferwurke yn in nasjonaal klimaatakoart. Doel is om yn 2030 de helte minder CO2 út te stjitten as yn 1990.

Fia de koepels fan gemeenten (Vereniging Nederlandse Gemeenten), wetterskippen (Unie van Waterschappen) en provinsjes (Interprovinciaal Overleg) is it oanbod dien oan de lanlike oerheid om fia regionale enerzjystrategyen dizze doelstelling te heljen. Fan ûnderop sil wurke wurde oan de oplossingen, wêrby't ek it ryk finansjeel en wat regeljouwing oanbelanget oan de lat stiet. It is in maatskiplike opjefte dy't we tegearre oplosse moatte, mei alle oerheden, de netwurkbehandler, wenningkoöporaasjes, bedriuwslibben en ús ynwenners. Nederlân is ferdield yn likernôch tritich regio's, dêr't Fryslân der ien fan is. Neffens de SP is gearwurking tusken al dizze partijen needsaaklik. Dêrby wurde kennis en ekspertize bondele yn netwurkorganisaasjes wêrby't elkenein út de eigen rol, taak en ferantwurdlikens wei syn ynbring hat. Neffens de SP moat de provinsje dêr in

koördinearjende en gearbringende rol spylje. Dizze transysje is in opjefte dy't langer duorret dan ien kolleezjeperioade en freget byhearrend belied en finansjele middels.

Foar de SP is de enerzjytransysje gjin technysk probleem, mar mear in maatskiplike opjefte. De SP fynt it wichtich dat elkenien de mooglikheid hat om mei te dwaan. Wêrby't net allinnich minsken mei in grouwe beurs harren hûs ferduorsumje kinne, mar elkenien profitearret, sawol yn in legere enerzjyrekken as yn meirate oer duorsume plannen yn de eigen omkriten. Klimaatrjochtfeardigens stiet wat de SP oanbelanget foarop!

**Resultaat oant no ta: Miljeubelied wêrby't strang hanthavene wurdt en net de ekonomyske belangen fan de bedriuwen foargean. In Fryske enerzjystrategie dy't omfoarme wurdt ta in regionale enerzjystrategie om yn Fryslân yn 2030 49% CO2 te besparjen. De provinsje Fryslân nimt gjin sjoemelstream mear ôf. Doelstelling foar in enerzjyneutrale provinsjale organisaasje. Der is in monitor enerzjytransysje Fryslân<sup>4</sup> opsteld.**

## Enerzjykoöperaasjes

In rapport fan de Noardlike Sosjaal Planburo's lit sjen dat krekt yn Fryslân minsken har ferantwurdlik fiele foar harren eigen omjouwing. Net foar neat hat Fryslân de measte enerzjykoöperaasjes, dêr't minsken sels de ferduorsuming yn 'e hân nimme en rendeminten weromgean nei de mienskip. Mienskipsenerzjy. Oft it no giet om de oanlis fan sinnegreiden of sinnedakken, lykas yn Garyp, of om de ambysje om in folslein doarp enerzjyneutraal te meitsjen, lykas yn Wynjewâld. Ek wyn kin in ûnderdiel wêze om de eigen omjouwing duorsum te meitsjen. De SP fynt dat de provinsje in wichtige rol spylje kin yn it stypjen fan dizze koöperaasjes. De Enerzjywurkpleats<sup>5</sup> spilet hjir in wichtige rol troch har kennis en advys. Sa kin kennis better dield wurde en fersnelle we de enerzjytransysje. De kommende perioade wolle we in fierdere professionalisearring fan de stipe oan koöperaasjes. Yn it foarste plak om bestjoeren fan enerzjykoöperaasjes goede finansjeel helbere plannen ûntwikkelje te litten, dy't telâne kinne by it Provinsjale enerzjyfûns (Fûns Skjinne Fryske Enerzjy).

**Resultaat oant no ta: Stipe jûn oan de Enerzjywurkpleats Fryslân.**

## Grutskalige enerzjyopwekking

Njonken de Mienskipsenerzjy sille we ek yn de takomst grutskalige opwek sjen yn ús provinsje. In provinsjaal 'nee' tsjin nije wynmûnen soarget derfoar dat we ús ambysje om yn 2050 duorsum te wêze net heljen gean. Gemeenten of ynwenners dy't hjirmei te set wolle moatte de romte krije om, binnen in oantal rânebetingsten lykas hjirûnder omskreaun, mei plannen te kommen. Njonken grutte wynturbines moat ek de romte foar lytse wynmûnen folslein benutte wurde.

Yn Fryslân is op inisjatyf fan de SP in foar foar draachflak ûntwikkele: by enerzjy-inisjativen mei grut romtlik effekt wurdt de omjouwing belutsen neffens it 'Sinnetafelprinsipe,' dat wol sizze: tegearre mei omwenners, inisjatyfnimmers, bedriuwen, miljeuorganisaasjes en enerzjy Spesjalisten om tafel gean en besjen binne in sykgebiet op hokker lokaasje krekt en ûnder hokfoar betingsten in inisjatyf te

<sup>4</sup> <https://bit.ly/2tSgznm>

<sup>5</sup> [http://energiewerkplaats.frl/?page\\_id=203](http://energiewerkplaats.frl/?page_id=203)

realisearjen is. Sizzenskip en ynfloed oan de foarside fan it proses foarmje dêrby de basis. Ekonomyske motiven fan de ûntwikkelders kinne liede ta ûnwinske sitewaasjes. Wolle we akseptaasje fan grutskalige enerzjyopwekking behâlde dan moatte net de winsken fan bedriuwen liedend wêze, mar maatskiplike akseptaasje.

Dêrnjonken wol de SP in provinsjaal enerzjybedriuw oprjochtsje om as provinsje sels (duorsume) enerzjy opwekke en leverje te gean. Wêr mooglik slute we oan by 'Energie van Ons' (foarhinne 'Noordelijk Lokaal Duurzaam'). Net allinne om as organisaasje sels enerzjyneutraal te wurden. In provinsjaal enerzjybedriuw kin yn de eagen fan de SP in soad neidielen dy't de hjoeddeiske merkwerking mei har meibringt fuortnimme. Eventuele winsten kinne wer ynvestearre wurde yn de omjouwing en ferdwine net yn de bûsen fan grutte ûntwikkelders.

**Resultaat oant no ta: Foar sinneparker yntroduksje fan it Sinnetafelprinsipe: tegearre mei omwenners wurdt besprutsen wêr't in sinnepark past en ûnder hokker betingsten; net de projektûntwikkeler bepaalt mar de omwenners. Twaris safolle kompensaasje en mear foarsoarchmaatregels by wynpark Nij Hiddum Hou. It Sinnetafelprinsipe jildt no ek foar nije wynparken. De ôffaloven REC yn Harns is ûnder lieding fan deputearre Schrier feiliger wurden, technyske ferbetteringen binne trochfierd, meardere boetes binne oplein om de REC te twingen. Spitigernôch kinne we de ôffaloven neffens de wet net slute mar de deputearre hat der binnen syn fermogen alles úthelle. De winst út dielnimming fan de provinsje yn Wynparrk Fryslân wurdt brûkt foar fierdere ferduorsuming.**

## Gas- en sâltwinning

De SP is tsjin fierdere gaswinning yn Fryslân. It ryk hat hjir lykwols it lêste wurd oer. As it dan dochs bart, fynt de SP dat de eksplôitant fan it oanbelangjende fjild him hâlde moat oan it Frysk Manifest dat de Fryske oerheden opsteld hawwe oer gas- en sâltwinning (ûnder oaren goeie ynformaasjeoarsjenning, nulmjittingen, omkearde bewiislêst, ôfhanneling skea). Ek foar oare foarmen fan mynbou, lykas sâltwinning, moat de eksplôitant him hâlde oan it Frysk Manifest. De tapassing fan geotermie wolle we allinne as dat feilich en ferantwurde bart.

**Resultaat oant no ta: Us SP deputearre hat tegearre mei alle Fryske gemeenten it Frysk Manifest tsjin nij gas- en sâltwinning opsteld en nei Den Haach brocht: omkearde bewiislêst, foar kompensaasje en maatregels foarôf as der dochs gaswinning plakhat. De SP Steatefraksje hat mei de wurkgroep LAAT FRIESLAND NIET ZAKKEN in netwurk fan aksjegroepen mei helpe oprjochtsjen en meardere aksjes organisearre, wêrûnder in grutte aksje ("SamenTegengas") yn Harns tsjin Frisia en Vermilion.**

## Ekonomy

Fierhinne alle ekonomyske modellen binne basearre op groei. De groeisifers binne faaks moai foar sittende kabinetten en oandielhâlders, mar fansels net hâldber. Neffens de SP is der ferlet fan in oare sjoch op ekonomy: in model wêrby't wolwêzen foarop stiet ynstee fan wolfeart. In ekonomy dêr't nea tekoart is oan basisbehoeften lykas soarch, ûnderwiis, demokrasy, ynkommen, iten en skjin wetter. In model dêr't nea tefolle is oan ôffal, fersmoarging, útrûpeling, broeikasgassen en ûngelikens. Oersetten nei de provinsjale skeal betsjut dat: omwenners prate mei by it meitsjen en útfieren fan plannen, bedriuwen wurkje sirkulêr en duorsum, regionale sprieding fan bedriuwen is



wichtich en der fynt gjin ferkringing plak troch bygelyks frijwilligers of ‘wurkûnderfiningsplakken.’  
Wurkje mei respekt foar minske, natuer en omjouwing.

Lokale keatlingen binne ek hjir, lykas by de lânbou, fan grut belang. Sa ûntlûke grutte  
(ynernet)bedriuwen gjin jild oan de lokale ekonomy, mar bliuwt it yn de eigen omjouwing.

**Resultaat oant no ta: Omslach nei sirkulêre ekonomy. Oars tinke oer grûnstoffen en ôffal. It útrûpeljen fan izerflechters oan de kaak steld.**

## Ferkear en ferfier

It Fryske wegenet leit der goed by. Hielendal yn fergelyk mei de Rânestêd binne de problemen lyts. Der binne kwealik opstoppingen, it wegenet is klear foar de takomst. Ferkearsfeiligens is foar de SO de iennige reden om noch wat te dwaan oan diken. We wolle gjin nije diken mear oanlizze, allinne wêr it nedich is de ferkearsfeiligens ferbetterje yn goed oerlis mei de omwenners.

De SP wol yn ús provinsje goed iepenbier ferfier (OV, openbaar vervoer). Fynmazich, betelber en foar elkenien. Mei goede arbeidsbetingsten foar sjauffeurs, ek wat skoftsjen en rydtiden oanbelanget. Dêrom wolle we in eigen OV-bedriuw oprjochtsje en stopje mei oanbesteegejen. Ek wolle we de oerstap nei gebrûk fan skjinne enerzjy troch it OV, mar ek troch it oare (fracht)ferkear, sa gau mooglik realisearje. By oanfoljend OV moat goed sjoen wurde nei mooglike ferkringing fan reguliere banen. Earlik wurk fertsjinnet in earlik salaris. Foar it OV moatte transferia komme by grutte plakken; dêrmei wurdt it gebrûk fan de auto (en dus de produksje fan fynstof) weromkronen.

We moatte yn Fryslân oeral feilich kuijerje en fytse kinne. De SP wol ynvestearje bliuwe yn (feilige) fytspaden foar skoalgeande jongerein mar ek yn rekreative fytspaden. Ek de mooglike oanlis fan fytssneldiken moat ûndersocht wurde. Fansels moat men jins fyts ek feilich stâlje kinne, dat aspekt mei grif net ferjitten wurde.

Ferfier oer wetter is noch hieltyd de skjinste en meast duorsume wize fan transport. Foar de binnenfeart yn Fryslân fynt de SP it gebrûk fan lytsere skippen in goede opsje. We wolle gjin grutte fly-by-terminal foar binnenskippen op it Fryske plattelân. Skippen grutter dan 85 meter passe net yn de aard en skaal fan it Fryske binnenwetter, hielendal fanwegen de rekreaasje-feart en de feiligens op it wetter. Uteraard bliuwe it Prinses Margrietkanaal en it Van Harinxmakanaal wol Klasse Va farwetter. Dizze kanalen binne de haadieren fan Fryslân. De feiligens, op plakken dêr't berops- en rekreaasje-feart tegearre farre, bliuwt foar de SP in punt fan soarch.

De SP bliuwt har sterk meitsje foar in fluggere treinferbining mei de Rânestêd en Noard-Dútslân. No moat alle ferkear fia Swol en kin it by swierrichheden net omliden wurde. Al jierren wurdt der praten oer de Suderseeline, in nije spoarline fan Amsterdam fia It Hearrenfean en Drachten nei Grins en dêrnei nei Dútslân. De SP fynt it fan grut belang dat dizze line der komt. Sa gau 't it by Swol efkes tsjinsit, sit it Noarden op slot. De provinsje giet hjir fol op ynsette rjochting it ryk. Realistyske plannen fertsjinje dêrby ús stipe.

Troch goed en oantreklik ynternasjonale treinferkear drage we by oan in skjinner miljeu en in better leefklimaat, trochdat we sa it oantal fleantúchflechten op koarte ôfstân (tusken Europeeske lannen) werombringe kinne.

De SP is frijwat tebekhâldend by it útwreidzjen fan it tal regionale lofthavens. De SP is tsjinstanner fan it iepenjen fan Lelystêd Airport as oerlooplofthaven fan Skiphol. Al dy fleantugen soargje foar in ûnbidige útstjit oan fynstof en koalstofdioksïde en jouwe ekstra oerlêst foar de omjouwing en de natuer. Dit lanlike SP-stânpunt sille we wêr mooglik stypje yn it belang fan ús moaie provinsje. Mocht der dochs útwreiding komme dan moat de oerlêst sa lyts mooglik wêze. By de wiziging fan de fleanrûten oer Nederlân moatte de ynwenners in stim krije.

**Resultaat oant no ta: Ynfiere bloktiden foar binnenfeart foar feiligens by Earnewâld (fia in moasje). In soad fytspaden binne ferbettere en nije fytspaden binne oanlein. Gjin grutte jildferslinende ynfraprojekten, mar wol feiligens ferbettere. By de oanpassing fan de N358 (de Skieding) hawwe de ynwenners yntinsyf belutsen west by de beslútfoarming en is in nije dyk dwers troch de natuer tefoaren kaam.**

## Toerisme en rekreaasje

Toerisme en rekreaasje binne wichtich foar ús provinsje. Lytsskaligens is dêrby wat de SP oanbelanget de noarm. Der is in soad ynvestearre yn de wettersport. Wêr't it noch tekoartsjit is lykwols it fuortsmitten fan 'smoarch wetter.' De ynhâld fan húskes giet te faak noch gewoan it wetter yn. We wolle hjir bettere foarsjenningen foar, mar ek mear hanthavening. Do wolst dochs net tusken de drits swimme?

It Fryske Marren Projekt hat folle miljoenen koste. De rest fan de provinsje en oare sektoaren hawwe lykwols te min oandacht krigen. Elke streek yn Fryslân hat syn eigen karakter, moaiens en mooglikheden. Tramlinen fan eartiids soene nei foarbyld fan de Behnbahn (yn Dútslân, Lúksemboarch en België) prachtige fyts- en kuierrûten wurde kinne. It mei bêst bekend wurde dat Fryslân ek in soad bosk hat, iepenloftmuseums, beamwâlen en elzesingels by prachtige paden del. De Tsjongervallei, it Drents-Fryske Wold, de terpen, Hylpen, It Bûtenfjild en de seedyk tusken De Lemmer, Harns en Lauwerseach. We hawwe safolle moais te bieden.

**Resultaat oant no ta: Kulturele Haadstêd wie in feest dêr't elkenien oan meidwaan koe en in soad minsken hawwe dat ek dien.**

## Maatskippij en wolwêzen

Krimp is noch hieltyd aktueel, ek al hearre we de hjoed-de-dei minder oer. Mar as it giet om leefberens is it saak om krekt yn de krimpgebieten oandacht te hawwen foar de (berikberens fan) foarsjenningen.

Ek fine we dat de provinsje hurd oan it wurk moat wat rap ynternet foar de hiele provinsje oanbelanget. By oanbieders moat de provinsje him hurd meitsje foar in goed dekkend gsm-netwurk.

Sport en bewege binne wichtich. Foar de sûnens, mar ek foar it wolwêzen. Hjirfoar is in goeie stipe fan ferienigingen fan belang, mar ek in goede ynrjochting fan de iepenbiere romte. Sport is foar elkenien wichtich, makket net út hokfoar âldens, ynkommen of lichaamlik tekoart. Topsport kin in ynspiraasje wêze om bewege te gean. Regionale trainingssintra en it Sintrum foar Topsport en

Underwiis stypje de talintûntwikkeling en meitsje dat de provinsje ynvestearret yn breedtesport. Grutte eveneminten yn Fryslân moatte foar elkenien frij tagonklik wêze.

Doarps- en buerthuzen binne wichtich foar de omjouwing. We wolle sjen oft dat fia it lepen Mienskips Fûns in noch gruttere ympuls krije kin. Hielendal as we tawurkje wollen nei IT inisjatyf fan de SP op dit mêd: de soarchbuerthuzen.<sup>6</sup>

Underwiis is gjin kearntaak fan de provinsje, mar de SP sjocht hjir wol in rol. Yn it ferline hawwe stimulearringsprogramma's fan de provinsje út ek wurke, dus wêrom ôfskaffe wat goed wurket? It ûnderwiis hat it dreech, leararen stake net foar neat en de ynstream op Pabo's is teloarstellend. Hjir kin de provinsje net omhinne en yn oerlis mei leararen moat der sjoen wurde wêr't maatregels, jild of kennis helpe kinne. De provinsje biedt staaizeplakken oan foar learlingen fan it MBO.

Yn gearspraak mei gemeenten binne de ôfrûne sittingsperioade fan it kânsfûns út inisjativen stipe mei in bliuwend effekt. Alhoewol't ynkommenstipe in gemeentlike taak is kinne we ús eagen net slute foar swierrichheden as oererving fan earmoede. As SP wolle we dat de provinsje har hjirfoar ynsetten bliuwt.

As Fryslân mietsje we diel út fan Nederlân, Europa en de wrâld, mei as ferbinende faktor de Global Goals<sup>7</sup> fan de Feriene Naasjes. Dy 17 doelen ûnderskriuwt de SP.

**Resultaat oant no ta: Mear oandacht foar sporten foar minsken mei in beheining. It kânsfûns hat foar €5 miljoen earmoedebestridingsprojekten finansierd. Swimbad De Welle yn Drachten (it iennige 50 meterbad yn it Noarden) kin troch in foarse Provinsjale bydrage bestean bliuwe.**

## Te'n lêsten

De wize wêrop 't de provinsje bestjoerd wurdt moat neffens de SP oanslute by de belibbingswrâld fan ús ynweners. Hja meitsje gjin ûnderskied tusken gemeente, provinsje of it ryk. Foar harren binne we de oerheid. Dat freget gearwurking tusken de ûnderskieden oerheden en in oare hâlding nei inoar. Maatskiplike fraachstikken lykas klimaat, bioferskaat en leefberens kinne allinne oplost wurde as we hjir tegearre mei alle partijen ús skouders derûnder sette. De provinsje kin dêr fan har kennis en kunde út in wichtige rol yn spylje. In provinsje dy't sunich is op har personeel, wêr't ferskaat wichtich is en ek minsken mei in beheining in plak hawwe. Topsalarissen fine we net passe by ús en dus ek net by de organisaasjes dy't we stypje.

De provinsje is yn de eagen fan de SP net foar de grutste razers of de grouste beurzen. Rjochtfeardigens as liedend prinsipe foar in better Fryslân is wat we foar eagen hawwe. In duorsume provinsje dêr't nimmen oan de sydline stean bliuwt. In ekonomy dy't te'n goede komt oan elkenien. Koarsein: tiid foar in rjochtfeardich Fryslân.

Stim SP!

<sup>6</sup> [https://www.sp.nl/sites/default/files/zorgbuurthuizen\\_def.pdf](https://www.sp.nl/sites/default/files/zorgbuurthuizen_def.pdf)

<sup>7</sup> <https://www.globalgoals.org/>